

IN BASKYSKE DICHTER YN MASEDOANIE

Ainara Maia Urrotz



Oersetting: Syds Wiersma

*Wy frontfolk witte net wêr't
de swetten lizze*

oarewurden
||| ||

bestehitzak
||| ||

Co-funded by the
Creative Europe Programme
of the European Union



MAKEDONIA

Oars hie ik in fruitsalade foar dy makke
fan it fruit dat ik seach hjir op 'e merk,
en de simmer giet foarby,

de simmer rint nei de ein
en ik wachtsje op de simmer fan myn libben,
de tútleaze simmer rint om it lêste
mar bist der wis fan
datst my gjin tút joechst?
Hiel wis?
Der binne tuten
dy't de lippen nooit reitsje...
...myn hiele liif is
oerdutsen mei dyn tuten, hast myn hiele liif
tuten fan dyn eagen,
fan dyn fingers,
witst noch hoe't ús lippen inoar rekken
mei om ús hinne it salpeter fan de Sulver See
ûnder it each fan dat famke?
Moat ik it dy nochris freegje?
Joechsto my net in tút?
Wêr bisto "hjir en no"
haw ik my ôffrege,
mar faaks, miskien,
"moarn en dêr" silst wêze
en kin ik dy net sjen,
want miskien bin ik wol "dêr en juster".
Ik wit net oft dêr freonen binne,
oft der ek leafde is dêr:
As ik weromtink oan dy stim
Ik fiel my allinnich...
...Kin ik mei dy prate oer pine?
Ik wit net oft dit healwize hert
net tefolle fielt!
Ik wit net ofsto libbest,
oft dit paad
my earne bringe sil!

Ik wit net oft it my bringe sil
by dyn sinneljocht,
mar hjir bin ik, ûnder myn moanneljocht.
Ik wit net wêrom 't ik noch poëzy skriuw
want poëzy is ôfsjen,
mar dit fers skriuwe
fielt as bin ik by dy
yn dit lân fan Alexander de Grutte en Moeder Teresa.

Dêr sil in swiete fruitsalade op dy wachtsje
ast weromkomst, myn leafde foarby...

*Yn nachten sûnder ljochtmoanne
sil ik leafdesfersen skriuwe.
Asto dan mar út it neat wei wer ferskine woest,
en myn nachten mei moanneljocht bejitte soest,
mei wurden en tuten fan leafde,
do hiest my tasein dat wy tegearre de ferlerne gouden kaam
op de eilannen fan de Sulver See fine soene.
Fan doe ôf bin ik op 'e doele,
en mar sykje om de skuor dy't spjalte
it ûnsichtbere keat fan leafde dat ús bûn,
no't elk libbensmomint fuortwynderet as reek
wol ik it heine yn 'e loft
en mar tinke dat ik ien fan dyn taseine wurden fyn,
yn Bitola, of yn it bantsje om elke sigaar
yn myn dreamen.*

GOUDEN ROTS

Flústerjend tsjin de fûgel
dat er neat docht, dat er de libbenswyn drinkt,
dat er ophâldt en wachtet op it hjerstfruit,
wat yn 'e maityd siedde waard bliuwt bestean.
Sjoch nei de wetterfal,
it wetter is kâld,
swim en lis yn 'e sinne.
Tink dan swijend oan dyn leafste,
sels al giet er mei in oar, spitich dan,
de fûgel heart by dy ikebeam,
en sjongt yn stilte dat se fan him hâldt,
dat se har nêst yn him meitsje wol...

YN IT BJIRKEBOSK

Yn de reade piperstêd
soe ik hjoed brûke kinne
hope as myn reismaat
ûnderfining by myn rêchbonke del en
foaroardielen yn myn bûse.
De dei einiget yn de reade piperstêd,
en, it ferline folgjend,
wist ik net hoe't ik leafhawwe moast,
en dêrom gie er by my wei.

LOK

Ljochtmoanne nachten binne goed
om gatten yn dyn hert mei poëzy te stopjen;
heldere hjerstnachten
wylst ik sjoch nei de moanne
bin ik stil
fyn ik myn lok
nei it drinken fan in BOZA,
dat sêfte Masedoanyske drankje,
set ik in kiel op:
'In goede hjerst tawinske!'
de simmer is foarby
en hy is net kommen
en it hert docht my sear,
lit de hjerst komme
noch mar in kear
en hommels maityd wurde.

LUCHT!

It libben is in dream, DREAM DAN!

Mar it libben is in dream allyk

yn in omsjoch foarby en

de kop derfoar is de iennige

wei foarút.

Hope myn reismaat,

ûnderfining by myn rêchbonke del

en foaroardielen yn myn bûse.

CMETKA

Wy freegje om de rekken
en sette ôf nei wat oars,
om te libjen yn de hûd fan in oar,
foar in grut skerm,
omdat ik de dei net ûnder eagen komme doar,
myn hert wurch en yn ûnstjoer is
as wy freegje om de rekken
en it restaurant útrinne
op nei it filmfestival
in oare útdaging sykje
it skerm yn rinne
en yn ûnbekende fermiddens dûke,
libje bûten mysels
in kâns om te libjen yn mysels.

HVALA

DANKEWOL. Danke danke. Hartstikke bedankt.

Ik draach altyd wat my dierber is en om my hinne mis,
omdat ik festhâld oan myn leafste en myn gemis,
ik bin alhiel, ik libje
mei al myn sinnen.

Wie it mar sa! Inshallah!

As wie er hjir by my,
en alles dêr't wy trochhinne giene en tegearre foar stiene
achter ús lei, klear foar in nije stap
moedich en wis
as er my dat belove koe.

Tegearre fleane,
dizze wrâld poëtysker meitsje.

Omdat ik dy mis
as ik by oaren bin
ast noch mar witst hoefolle ik fan dy hâld
aanst gau mis ik dy net mear,
want dan binne wy byinoar. Inshalla! Amen!
Sa komt it...

JA SUM...

Ja sum Ainara.

Ik bin en ik haw net.

Ik bin wa't ik bin

in skriemerige dichter

in fereale frou dy't wachtet op dat er weromkomt,

dy'tsto, op in dei, feroarjen sjen silst yn in blide sjongeres.

As se tsjin dy sizze, gûl no mar net, (soademiterje op, gûl gewoan troch)

as se dy belove, ik kom werom, (beloftes binne shit)

op in dei (guten morgen)

in blide sjongeres (zo zie ik je graag)

MONASTIR

We sochten om in bosk
op ús wei nei it KLEASTER, nei de stêd Bitola,
it gie ús net om in ferdwaalbosk
mar om elkoar te finen tusken de beammen,
ússels,
ús ferhalen en
ús oantinkens
as in rôljende dykwals
sochten wy dy fan de froulju dy't hjir lâns kamen.

HEAK

De heak hinget by de deade
mem har pot del,
se liet har biezem reagje
de deade mem út Oitz
en hold it hûs oprêden skjîn,
mar ik moete noait in tsiismakster
as de mem út Amaiur!
Ik haw gjin heaken yn 'e keuken,
en as de âldste, dakleaze dochter
haw ik gjin noed oer in hûs,
en ik meitsje gjin tsiis,
mar wêr't ik ek gean
ik lit myn spoar nei yn 'e wrâld
ik bin omdat sy wiene -
Ainara, naaister fan wurden.

DRAGOR

De draak sliept. Of is dea, ik wit it net.
De blêden bliuwe fallen fan de beammen oan de rivier
en se kinne net werom nei de beam, en se falle op 'e grûn,
en se kinne net omheech, kinst net op-falle.
Deade, deade blêden boskje gear op 'e grûn
en ik wit net oft de draak sliept
miskien is er dea en hat er dêrom net yn 't snotsje
dat de simmer foarby is
en syn fjoer myn skeinde hert genêze moatte soe.
Miskien sliept de draak
en miskien dat it lûd fan de stream
of it sjongen fan de fûgels
dat sliepende bern wekker meitsje sil.
Mar miskien is de draak dea
en klaaie de beammen oan de rivier har foar my út.

STRUGA

Folgje wy in lange IEL
komme wy by in KRÚS
mei ús tsjustere tinzen
en fertize emoasjes
WAAIT DE WYN sêft
en soms even kâld
oan de kant fan de mar
en wy sitte op Venecia Square
oan 'e kofje yn 'e iere moarn
foardat wy wat dwaan sille.
Ik bin yn Pablo Neruda Street
op Venecia Square,
sinnich en romantysk,
op dizze lange dei
kin ik de drôvichste fersen skriuwe,
miskien hâld ik net fan dy
mar wat haw ik fan dy holden
yn dizze poëtyske, romantyske sted
tink ik oan dy, myn nuodlike ikebeam...
ik mis dy...
miskien hâld ik net fan dy, dat is sa,
koart duorret de leafde en lang it ferjitten derfan...
dat miskien hâld ik noch altyd fan dy...

PEPERUTKA

FLINTER.

Heal dea, heal libben

midden op 'e dyk

reitsje ik de hjerst

yn dizze simmer

hâld ik op te sjen nei súdlike blêden

de sêfte wyn ferweecht amper

ik hâld yn

yn dit oanhâldende libben.

In Bitolsko, graach,

om it libben te fieren

alle sekonden binne wy oan it deagean

alle minuten komme wy opnij ta libben.

BURE

FET.

Siderhotel.

Ik bin yn de bierhalle

en sjoch nei it fet.

Myn lichem is leech wurden

wylst de moanne foller waard.

Myn liif is leech

en myn hert fol mei fielen en ûnderfinen.

Wylst ik sjoch nei it fet

freegje ik my ôf:

sit it fol?

Ik fiel dat

it fet drôvich is,

sa fier fan myn skat

mar tegearre sjogge wy de ljochtmoanne

wêr't wy ek binne

hoefier útinoar ek.

It lege fet is poëzy;

twā wurden byinoar bringe dy't út harsels noait gearkomme is
mysterieuze poëzy skriuwe.

It is oan de lêzer wat it mystearje is.

Kin it fet drôvich wêze sels al is it net leech?